

Foar op de webside fan it Boun:

Oantekens fan de 95^{ste} Algemiene Gearkomste fan “It Frysk Boun om Utens” op sneon 30 maart 2019 yn Grand Café Urbana yn Swol.

1. Wolkom troch de foarsitter fan de krite Swol (Frysk Selskip Swol), Jan Bosgraaf

Jan hjit alle oanwêzige kriteren wolkom út namme fan de krite Swol. Dy krite bestiet yn 2019 120 jier. Jan seit dat de AG en de Friezedei der al hiel lang binne: hy fûn in boekje dêr't yn stiet dat der al yn 1912 in AG/Friezedei wie. Dat feest duorre doe 2 dagen. Jan sitearret út in taspraak fan ds. Bakker dat 'Friezen net better binne as oaren, mar oars. Dêrom krûpe wy byinoar en diele taal en kultuer, mar ek problemen'. Hjirmei jout Jan Bosgraaf it wurd oan Jan Bijkerk, foarsitter fan it Boun.

De foarsitter fan It Frysk Boun om Utens hjit eltsenien nochris hertlik wolkom. It FBoU is hjoed te gast by de krite Frysk Selskip Swol. In spesjaal wolkom is der foar de eareleden Hans Weijer, Hâns Dijk en Sjoerd Bakker, en oan Dries Wijbenga mei syn frou, oanwêzich út namme fan it Selskip 1844.

gearwurking ta. As men it wurkjen fan de kriteren fergeliket mei in fytstocht, dan giet it hieltyd stadiger; by krite SúdEast Drinte rint de ketting der stadichoan ôf. Mar de krite Swol rint noch goed: dit jier 120 jier. Jan neamt noch it nije tiidskrift 'De Nije', dat hjoed fergees meinommen wurde kin. It is in nijsgjirrich blêd, dêr't op de Moetings- en Ynspiraasjedei al de nedige oandacht oan jûn is.

Ut ûndersyk docht bliken dat Friezen fan alle Nederlanners it meast grutsk binne op harren provinsje. As wichtichste saken en persoanen binne neamd: de taal, Grutte Pier, Abe, Foppe en Doutzen. Wy hawwe de moaiste provinsje, it moaiste lânskip; spitich dat it regear noch hieltyd te min oandacht jout oan de útfiering fan de bestjoersôfspraak oangeande streek- en minderheidstalen. Op 24-04 is der in demonstraasje foar, yn De Haach. Mar Jan seit: 'Wy hâlde de kop der foar'. Hy lêst in gedicht foar út 'Fuotprinten mei kimen fan hope' fan Harmen Haringa.

Dêrmei wurdt de 95e Algemiene Gearkomste fan it FBoU iepene, mei in hammerslach.

2. Meidielings en ynkommen stikken

2.1. De stúdzjerûnte Arnhem is (noch) net oanwêzich. Fan alle oare kriteren binne fertsjintwurdigers.

Berjocht fan behindering is kommen fan:

- de frou fan earelid Klaas Bos – hy sit al mear as in jier yn in ferpleechhûs en hy docht de gearkomste de groetnisse en winsket ús in noflike gearkomste;
- fan de siktresse fan de Kommissaris fan de Kening yn Fryslân, dhr. A. Brok;
- fan de ynterim-foarsitter fan de Ried fan de Fryske Beweging, dhr. Pier Bergsma.

2.2. Ynkommen stikken:

- der binne 25 koartingsbonnen beskikber foar oanwêzigen dy't it kommende simmerskoft in besite bringe wolle oan Avonturenpark Hellendoorn.
- Oprop fan wurkgroep “Sis Tsiis” om mei safolle mooglik Friezen nei De Haach te gean foar de iepenbiere sitting fan de Fêste kommisje Ynlânske Saken oangeande de Bestjoers-

oerienkomst Fryske Taal en Kultuer (BFTK) mei de minister, frou Ollongren. Der rydt in bus en wa't him opjout foar 1 april, kin fergees mei. (= gjin grap!)

- Utnûging foar de Slútjûn 2019 fan STAF op 'e Jouwer foar 13 april om 20.00 oere – der binne 2 frijkaarten beskikber.
- AVG-ferklearing fan de kriterien Twente en Súdeast Drinte moatte noch by de skriuwer binnen komme.

3. Oantekens fan de 94ste Algemiene Gearkomste yn Lelystêd

3.1. Flaters yn de tekst: gjinien.

De oantekens wurde fêststeld mei applaus foar de gearstaller(s).

3.2. Nei oanlieding fan: gjin opmerkings.

4. Jierferslach Bounsskriuwer oer 2018

4.1. N.o.f. side 10 seit Hâns Dijk dat hy him op it stuit goed fielt. Hy tanket foar alle bliken fan meilibben dy't hy krigen hat.

4.2. Jan Piet Bergmans hat in fraach oer de passage op side 13:

'Yn de Algemiene Ledegearkomste fan sneon 30 maart 2019 freegje wy oan alle belanghawwenden om yn te stimmen mei de nije rigeljouwing.'

Hy fynt dat net werom op de wurklist. Kees v.d. Beek antwurdet dat it skriftlik ôfdien is mei de kriterien. It is gjin ûnderwerp mear.

4.3. It ferslach wurdt fêststeld. Kees v.d. Beek kriget applaus.

5. Ferslach rekkenopnimbers oer 2018 en beneamen nije rekkenopnimbers

Hans Groenhof (krite Assen) seit út namme fan de rekkenopnimbers (Assen en Boadegraven) dat de boeken fan it Boun en fan it SBF kontrolearre binne. Der wie gjin spjeld tusken te krijen en de administraasje seach der tige fersoarge út, neffens Hans.

De kaskommisje stelt de ledegearkomste foar om de ponghâlder (Jan Vogel) te betankjen foar syn wurk en it bestjoer 'te ûntheffen fan 'e noed oer it ferieningsjier 2017-2018'. Dat wurdt troch de gearkomste oernommen mei applaus.

De rekkenopnimbers (Hans Groenhof en Theo Schriere) wurde betanke foar harren wurk. Nije rekkenopnimbers oer 2019 wurde Boadegraven en De Haach.

6. Finânsjes

6.1. Jierrekken ponghâlder 2018

Jan Vogel jout taljochting. De subsydzje fan it Prins Bernhard Kultuerfonds is noch net ôfdien. Fierders is de rekken fan de Moetings- en Ynspiraasjedei fan 2018 pas yn febrewaris 2019 betelle. In fraach fan Jan Piet Bergmans wurdt troch Jan Vogel beändere. Der binne fierders gjin fragen oer de jierrekken.

6.2. Begrutting 2019

Jan Vogel jout taljochting op de begrutting. De subsydzje-oanfraach by it Prins Bernhard Kultuerfûns foar de Friezedei 2018 is noch net ôfhannele. Der binne gjin fragen oer de begrutting 2019.

7. Ferlach rekkenopnimers Sintrale Boeke Ferkeap 2018 en beneamen nije rekkenopnimers

Dat is al oan 'e oarder kommen by agindapunt 5.

8. Jierrekken Sintrale Boeke Ferkeap oer 2018

It restant fan de rekken fan de SBF is nei de rekken fan it Boun oermakke. It SBF is no klear. Jan Roelants en Jelma Wiegersma hawwe harren tige ynset foar it SBF. De gearkomste hat der applaus foar oer. Beiden krije noch in bon foar harren krewearjen.

9. Algemeine gearkomste 2020

De AG fan 2020 sil yn De Haach holden wurde. De datum wurdt sa gau mooglik bekend makke. Krite Assen hat oanbean om de AG fan 2021 te organisearjen, omt harren jubileumfeest pas oan 'e ein fan 2020 hâlden wurdt. De foarsitter betanket beide krite foar harren oanbod.

10. Toanielsaken

10.1. Teatske Haanstra (krite Assen) seit dat de toanielploech fan krite Assen yn april wer begjint. It stik komt yn novimber op 'e planken.

10.2. IFAT: By alle bestjoersgearkomsten fan it Bounsbestjoer wurdt de stân fan saken op it mêd fan toaniel besprutsen.

IFAT ('It Frysk Amateur Toaniel') is yn 1953 oprjochte troch:

- * BFT – Boun fan Fryske Toanielselskippen
- * FBOU – Frysk Boun om Utens
- * It âld Selskip – Selskip foar Fryske Tael en Skriftekennisse

De haadreden fan it oprjochtsjen fan IFAT is it bondeljen fan alle organisaasjes, sawol yn as bûten de provinsje Fryslân, dy't ta doel hawwe it fuortsterkjen fan de Fryske taal en kultuer en yn it bysûnder it opfieren fan Frysktalich toanielwurk troch amateurs.

IFAT besiket dat doel nei te stribjen troch it stypjen fan toanielkrigen, fan stúdzjedagen en stúdzjewykeinen, fan karmasterskursussen, fan kursussen beljochting, dekôrbou en oare toanielomballings, rezjykursussen, en it befoarderjen fan lêzen en foarlêzen yn de Fryske taal.

IFAT is in lanlike organisaasje en kriget sûnt 1953 lanlike subsydze, sûnt 2002 yn it ramt fan de Bestjoersôfspraak "Fryske Taal en Kultuer". IFAT behertiget de belangen fan de trije oansletten organisaasjes benammen yn it oerlis mei de oerheid oer it subsydzjebarren.

Der is in rapport makke oer de takomst fan IFAT, omt toaniel bûten Fryslân hieltyd minder wurdt. Der is noch ien toanielgroep (Assen). Yn it rapport stiet û.o. dat mei de provinsje bepraat wurde moat oft der subsydze brûkt wurde kin foar net allinnich toanielploegen út Fryslân mar ek foar sjongkoaren en oare kultuer-uterings om de kosten foar de krite te minderjen. Wurdt ferfolge...

11. Bestjoer – ôfgean en wer ynhieren fan bestjoersleden

It roaster fan ôfgean sa't dat fêststeld is, is:

2019: Pietie Westdijk-Kaastra en Jan Vogel;

2020: Gerrit Stegenga;

2021: Jan Bijkerk;

2022: Kees v.d. Beek en Hylke de Haan.

Der binne gjin tsjinkandidaten en Pietie Westdijk wol nochris 2 jier trochgean. De gearkomste stimt mei applaus yn dat Pietie yn it bestjoer bliuwt.

12. Plan 23

Der binne op it stuit rûm 130 e-mail-adressen sammele fan oer de hiele wrâld. De adressen wurde brûkt foar it stjoeren fan ynformaasje as de minsken dat wolle. De krite-aktiviteiten steane, as se trochjûn wurde, op de webside fan it Boun. Der moat mear omtinken komme foar de webside, want de webmaster hellet gjin ynformaasje út de kriteboekjes. Itselde jild foar de Nijsbrief. De skriuwer freget wol ris om in reaksje, mar dy komt net altyd (op 'e tiid).

Plan23 komt op de agenda fan de kommende Moetings- en Ynspiraasjedei. It bestjoer sil de Fryske Akadeemje freegje om stipe by it neitinken. Hans Groenhof (krite Assen) jout de suggestje om yn de Ljouwerter Krante in stikje oer it Boun te skriuwen. Dat smyt faaks wat op oan reaksjes. Oare reaksjes bliuwe ek wolkom.

Hâns Weijer (krite Assen) freget oft der út de kriteren dy't ophâlde ek e-mailadressen en leden fan oare kriteren komme. De leden wurde wol frege, mar it smyt suver hast neat op. Allinne fan Wageningen destiden wol.

13. Kontakt bestjoersleden mei kriteren

Op de Bouns-webside stiet de ferdieling fan de bestjoersleden oer de ledekriteren. Der binne gjin fragen oer.

14. Moetings- en ynspiraasje dei 2019

De MYD yn 2019 is op 16 novimber 2019 yn Hurderwyk (de Kiekmure). Mei klam wurdt frege om op dizze datum gjin eigen krite-aktiviteiten te organisearjen. In suggestje foar in ûnderwerp is 'Evaluaasje fan LKH2018'. Mear en oare suggestjes binne tige wolkom: nei de skriuwer.

15. Mediasaken / Omrop Fryslân

Jan Piet Bergmans hat yn it Ambyld ynformaasje opnimme litten. Jan Piet jout as oanfolling noch dat der neitocht wurdt oer in regionaal nijsblok, út te stjoeren op tillefyzje, nei 18.00 oere.

16. Promoasje Boun

It promoasjewurk beslacht it neikommende:

- a. It Frysk Boun om Utens moat te finen wêze yn neislachwurken sa as it Bûsboekje en guon databanken op ynternet.
- b. Berikber wêze en ynformaasje jaan op it ynternet mei de webside www.fryskbutenfryslan.frl. Jan Bijkerk trúnt oan en sjoch der op.
- c. It trochjaan fan krite-aktiviteiten. Op de webside fan it Boun is in Aktiviteitenkalinder opnommen: alle kriteren jouwe oan de redaksje fan de webside troch wat der sa al yn it winterskoft op 'e priemmen stiet.
- d. De redaksje fan de webside bestiet út Jan Bijkerk en Kees van der Beek: skriuwerfbou@fryskbutenfryslan.frl

17. Nijsfoarsjenning nei de kriteren ta.

Dêrfoar hawwe wy de Ynformaasjemap. De Ynformaasjemap stiet op de webside en is y.f.m. de AVG tige opskjinne. De ynformaasje wurdt oer de mail nei alle skriuwers fan de krite stjoerd. Op dy wize kinne de krite flugger berikt wurde en it sparret in protte wurk en tiid. Boppedat is it stikken goedkeaper.

De Ynformaasjemap is op de webside fan It Boun sûnder wachtwoord beskikber. Bliken docht dat de gegevens fan de eareleden net oanpasse hoege te wurden.

De nijsbrief komt ien kear yn it fearnsjier. Nochris wurdt frege in reaksje te jaan, as dy frege wurdt troch de skriuwer.

Meitsje sa folle mooglik gebrûk fan de webside: www.fryskbutenfryslan.frl, benammen ek fan de mooglikheid op de "eigen kriteside" ynformaasje te jaan oer it kriteprogramma en wat noch mear nijsgjirrich wêze kin foar oaren.

It bestjoer siket in reserve-webmaster, om't dy funksje mei Jan Bijkerk wat meager ynfold is. Kandidaten binne tige wolkom.

18. Folkshegeskoalle Schylgeralân

Sjoerd Bakker fertelt dat der in ploech fan sa'n 25 minsken alle jierren meidocht oan de 'putsjewike'. Yn diz-ze wike wurde tal fan putsjes (ûnderhâld fan gebou, ensf.) dien; it is tige gesellich. It Boun is 'yn 'e kunde kommen' mei de Folkshegeskoalle troch Hâns Weijer, dy't der doedestiids Fryske les jûn hat. Sa is de putsjeploech ûntstien.

19. Wat fierder noch op it aljemint komt

Der komt neat op it aljemint.

20. Omfreegjen

20.1. Tsjalling Beetstra (krite Apeldoorn) freget wat it 'e-mailstiperskip' eins ynhâldt. Kees v.d. Beek jout in taljochting: de e-mailadressen wurde brûkt om de stipers te belûken by it Frysk-wêzen: de taal, de kultuer, de literatuer, neam it mar op wat mei Fryslân te krijen hat. Dêrneist wurde feral de Friezen, dy't net (mear) lid fan in krite binne op 'e hichte hâlden fan KriteNijs, BounNijs en aktiviteiten, dy't it Bounbestjoer yn gearwurking mei in krite jierliks earne yn it lân opsette wol en ek krijt men ynformaasje oer bygl. útjeften fan it AFUK, oer Teaterfoarstellings yn Fryslân, oer oare hichtepunten, dy't op www.itNijs.frl te finen binne ensafh.. Tsjalling jout de suggestje om yn de kritekrantsjes ek oandacht te freegjen foar it e-mailstiperskip.

20.2. Jaap Bakker (krite Assen) wol in pear minsken efkes 'oan 'e jas lûke'. Dat binne Jan Piet Bergmans, dy't mear as 25 jier skriuwer fan de krite Utert is, en Popke Slange, dy't mear as 50 jier ponghâlder is fan de krite Hoarn. Beide mannen krije in skilderij út de hannen fan Jaap. Jan Piet de Ijip en Popke de skries. Jaap beslút mei it ferske 'As de fûgels strietsjes sjouwe' fan Tetman en Jarich de Vries.

21. Sluten fan de 94e Algemeine Gearkomste

Jan Bijkerk slút de gearkomste mei in betankje oan de krite Swol foar de gastfrijens.

Jan winsket eltsenien in noflike tiid ta, aanst mei it ferhaal fan Jan Bosgraaf en fan 'e jûn mei Benny Huisman. Hy winsket eltsenien oant sjen.

22. Jan Bosgraaf: "Wurk en ûnderfiningen as Amtner fan de Boargerlike Stân"

Jan hat in tige nijsgjirrich ferhaal oer syn wederwarichheden as bûtengewoan amtner fan de boargerlike stân by it sluten fan houliken yn Swol en Staphorst. Hy lardearret it mei dia's en lit de oanwêzigen regelmjittich goed laitsje.

As tank kriget Jan in slúfke fan Jan Bijkerk.

Gerrit Stegenga, april 2019

Jierferslach 2019 fan de Bounskriuwer

It bestjoer

De hjirûnder steande minsken fan de neamde kriteren hawwe sit yn it bestjoer:

J. Bijkerk	Lelystêd	: foarsitter
K. van der Beek	Hurderwyk	: skriuwer
H. de Haan	De Haach	: algemien
G. Stegenga	Apeldoarn	: 2de skriuwer
P. Westdijk-Kaasta	Utert	: algemien
J. Vogel	Hoarn	: ponghâlder

- Mediasaken, kontaktpersoan foar it bestjoer: J.P. Bergmans, j.p.bergmans@casema.nl
- Jan Bijkerk en Pietie Westdijk-Kaasta wienen mei ús âld-foarsitter en earelid dhr. Hâns Dijk fer-tsjintwurdige nei it IFAT
- Kees van der Beek wie fertsjintwurdige nei de gearkomsten fan de Ried fan de Fryske Beweging.

It bestjoer hat yn 2019 by inoar west op: 12/02, 16/04, 27/08 en 10/12.

In tariedingskommisje foar 100 jier FBoU, besteande út de foarsitter Jan Bijkerk, skriuwer Kees van der Beek, Hans Groenhof en Teatske Haanstra-Bosma fan Assen en Jolanda Lootens-Berg en Jan Bosgraaf fan Swol binne 6 novimber gear west. De datum foar it 100-jierrich Jubileumfeest is fêstlein op 16 septimber 2023. Fierder is mei in twatal Nijsbrieven, dy't 7 oktober en 13 desimber útkamen, omtinken frege oan de krite-bestjoeren foar De Moetings- en Ynspiraasjemidde fan 16 novimber en it 100-jierrich bestean fan it Boun yn 2023 mei it fersyk om mei ideeën en suggestjes foar dat jubileumfeest te kommen.

De foarsitter en skriuwer binne nei de Jubileum-gearkomsten fan Frysk Selskip Swol -120 jier (8 febrewaris) en fan STUFT (=Stichting Utjouwerij Frysk Toaniel) – 50 jier (25 maaie) west.

Eareleden

De list mei eareleden fan it Boun sjocht der sa út:

- Klaas Bos fan Lexmond,
- Stoffel Haagsma fan De Gordyk,
- Hinke Hofman fan Diever
- Betty van der Schaaf-Plaat fan Leiden
- Sjoerd D. A. Bakker fan Dalftsien
- Hâns J. Weijer fan Appelskea
- Hâns Dijk fan Boadegraven

It Boun

Mei 14 oansletten kriterien en 1 Stúdzjerûnte gongen wy it jier 2019 yn mei 1550 kriteleden. Yn de rin fan dit jier waard dúdlik, dat de kriterien Seist en Utert de lapen gearsmite woenen: mei yngong fan 18 maaie lûke se tegearre op ûnder de namme MEI INOAR IEN - Utert/Seist. Wy binne bliid, dat de leden fan beide kriterien inoar fûn hawwe yn in nije organisaasje mei it âlde jaske "Fryslân".

Yn it ramt fan PLAN23 binne der oant no ta rûm 120 e-mailstipers fan it Boun. Sels út Nij Seelân, Kanada, Dútslân en Spanje binne der e-mailstipers. Oan de ein fan 2019 stie de teller op 1440

De Dielen

Fan it diel West is it ôfrûne jier gjin ferslach opmakke fan Dielsgearkomsten. It diel Midden Nederlân, foarme troch de kriterien Hilversum, Utert, Seist, Lelystêd en Hurderwyk, komt jierliks ienris by inoar en fynt it útwikseljen fan ûnderfiningen tige wichtich. Dit jier kamen hja 19 maart yn Bussum byinoar. Diel Noard, foarme troch de kriterien Assen, Meppel, Roan en omkriten, Súdeast Drinte en Swol, kaam 2 april byinoar yn Roan.

Ledetal

Sa as al by It Boun beskreaun is it ledetal opnij tebekrûn.

Mei PLAN23 is de oanset jûn ta in nije loat oan de stambeam fan It Boun: it tebekrinnen fan it ledetal by de kriterien is bekend: âlde leden, dy't der by weifalle, mar suver hast gjin nije jonge leden. De bestjoeren fan de kriterien dogge alle war om elk winterskoft wer in programma foar de leden op priemmen te setten. It binne benammen de leden dy't de fakatueres yn de kritebestjoeren opfolje en sa der foar soargje dat der stjoer jûn wurdt oan it kriteleden: alle lof dêrfoar!

Selskippen fan bytiden wit hoe fier, komme de jûn foljen; dy kostje hannen fol jild en mei it tebekrinnen fan it ledetal rinne ek de ynkomsten werom. Yntarre op it kaptaal fan de krite kin men net tefolle en te lang dwaan en dan wurdt it programma al gau skraler of minder oantreklik en bliuwe de leden wei – wêr hâldt dit op? It bestjoer fan it FBoU is dêrom al in tiidlang dwaande om yn gearwurking mei it IFAT, STAF en Keunstwurk ynkoarten in nije organisaasje fan 'e grûn te krijen, dy't foar de Provinsje Fryslân oantreklik genôch is om de belangen te behertigjen fan it Frysk Amateurtoaniel om dat ûnder ien nûmer te stypjen.

Krite-aktiviteiten

Yn it oersicht fan krite-aktiviteiten falt elk jier wer op, dat de measte krite-leden/gasten it leafst nei in toanieljûn komme. Ien toanielselskip, dy't noch yn Bounsferbân aktyf is, kin fansels al dy oare kriterien net allinnich betsjenje. Lokkich is it toaniellibben yn Fryslân sa sûn as in fisk. Mei it tebekrinnen fan it tal leden is it finansjele draachflak lykwols wol hieltyd beheinder wurden – de prizen, dy't de selskippen freegje binne yn trochsnee net sakke.... It tal kriteaktiviteiten is by in tal kriterien dan ek oppenij slonken.

It wurdt foar de aktive leden, dy't wol elk jier ek âlder wurde, yn tanimmende mate dreger om yn it winterskoft yn de jûntiid noch op 'n paad te gean; guon kriterien kieze der dan ek foar om mei in programma op 'e middei te kommen, sadat men net mear yn 't tsjuster oer de wei moat.

It sykje nei nije foarmen om it de leden nei't sin te meitsjen komt mar min fan 'e grûn; Jo moatte net benaud wêze en mei in bytsje moed komme jo faaks in hiel ein. It útwikseljen fan 'goed-nijs' ûnder inoar wurket absolút – it tsjil sels útfine hoecht net mear, dat is allang troch in oar dien...

Kriten

Foar it oersjoch fan de ledetallen en de stiftingsjierren ferwize wy nei **bylage II** en **Bylage I** fan it AMBYLD. Dêr fine jo in oersjoch fan de kritebestjoeren en fan it Bounsbestjoer. De adressen binne aktualisearre nei de tastân fan 1 febrewaris 2020.

Foar de fierdere útwurking fan de kriteferslaggen folsteane wy mei te ferwizen nei de Ynfomap op ús webside. De adresgegevens binne foar it grutste part nei de nijste Europeeske AVG-rigeljouwing oanpast en binne dêr ek te finen : www.fryskbutenfryslan.frl.

Sa as wenst hawwe **Bounsbestjoerders** dit jier wer ûnderskate **kritejûnen** besocht. Mei de net-oansletten kriten hawwe ek wer goede kontakten west. Spitichernôch kaam 19 maaie it berjocht dat de krite Gysbert Jaspicks fan De Helder op 27 juny ophold te bestean – it jild wie op..... Wy hawwe it bestjoer opropen om har leden kenber te meitsjen, dat sy tenei telâne kinne by de krite Hoarn.

Moetings-en Ynspiraasjemiddei fan 16 novimber 2019:

Wat foarhinne it Kaderwykein wie hat no dan plak makke foar in Moetings- en Ynspiraasjemiddei.

It Multifunksjonele Sintrum 'de Kiekmure' yn Hurderwyk wie foar de fjirde kear it plak – de Fryske krite "Meiinoar Ien" fan Hurderwyk en omkriten stie foar it jûnsprogramma.

Hjir it ferslach fan dy middei, sa't dat ek op de webside fan it Boun te lêzen is:

Ferslach Moetings- en Ynspiraasjedei:

Sneon 16 novimber 2019 wie it wer sa fier: ús fjirde Moetings- en Ynspiraasjemiddei yn de Kiekmure yn Hurderwyk.

Neist de bestjoersleden fan it Boun (Jan Bijkerk, foarsitter), Pietie Westdijk, Jan Vogel, Hylke de Haan, Kees v.d. Beek (skriuwer) en Gerrit Stegenga (oantekens), binne der 28 dielnimmers; ek oanwêzich binne Klaas Sietse Spoelstra en Lieuwe Krol, de ynliders fan dizze middei.

De foarsitter fan it Boun iepenet de middei. It is de 4^e Moetings- en Ynspiraasjemiddei; ferline jier wie Pier Bergsma der mei syn lêzing oer "It is mei sizzen net te dwaan", en wiene Alpita de Jong en Eddy v.d. Noort oanwêzich om ynsjoch te jaan yn it libben en wurk fan Joost Halbertsma. Dat wie in tige nijsgjirrige moeting en Jan hopet dat wy dizze middei ek in moaie middei belibje meie. Fierders seit Jan dat it mei Hâns Weijer net sa goed giet. Hy woe mei Froukje fan 'e middei der wol wêze, mar dat is net slagge. Foar eltsenien dy't Hâns en Froukje ken: lit wat fan jimme hearre troch in kaartsje of in mailsje.

Dizze middei sil gean oer de takomst fan it FBoU.

Nei it sjongen fan it Frysk Folkliet seit Jan wat oer de ynliders fan fan 'e middei.

Klaas Sietse Spoelstra is in betûft ûntwerper en útfierder fan feroarings- en fernijingsprosessen.

Boppedat is hy ien fan de driuwende krêften efter de boargerbeweging 'Kening fan 'e greide'. Hy is aktyf yn de Lokale Energij en hie in sit yn de kommisje Leeuwarden, Kulturele Hoofdstad 2018. Ek is hy dwaande mei it 'Deltaplan Biodiversiteit'. Hjoed sil hy mei ús in fergelyk meitsje tusken syn weromgean nei Fryslân en it belûken fan de jongerein by de krites en/of aktiviteiten fan it Boun. Wat moatte jo dwaan en litte om jongerein oan te sprekken. Wy hoopje dat der saken útkomme dêr't it bestjoer mei oan 'e gong kin.

Klaas Sietse Spoelstra kriget it wurd:



Hy fertelt wat oer himsels en syn driuwen. Syn belutsenheid by Fryslân, de kultuer, de taal, it thúsfjelen, dat jout dat men him ynsette wol. De titel fan de ynliding is **'Sin yn de takomst'**. Klaas Sietse neamt in tal foarbylden dêr't Fryslân grutsk op wêze kin en ek is. Der sit in protte ynnovaasje yn Friezen. Se binne ûndernimmend. Mei dat útgongspunt kin men sjen nei de takomst. De spanningsbôge tusken 'hâlde' en 'feroarje' moat liede ta fisjy en belied nei de takomst ta. Klaas Sietse neamt as foarbiid 'Bue Delta 2028', mei de kerntema's Wetter, Sirkulair (duorsamens) en Brede Wolfteart (hoe bliuwe wy lokkich). De grutte fraach hjirby is op hokker wize kinne de minsken belutsen wurde en bliuwe. Dat bart troch it fertellen fan ferhalen, gearkomsten fan ûnder-op, sa't se yn novimber yn Fryslân hâlden binne en wurde. Dit jier is it tema 'Wetter'. Men moat it nijsgjirrich meitsje foar de minsken, sa't se sizze: 'Dêr wolle wy by wêze'.

Dat kin net mear op de 'âlde wize', fanút de nostalgy, mar it moat oars; oansprekke op de takomst. It is de fraach oft de krites as struktuer noch foldogge of nedich binne, of dat men allinne fia de sosjale media yn kontakt stiet. Dan moat der noch wol wat barre. Klaas Sietse seit dat er de webside fan it Boun tige ferâldere fynt. De jongerein is hjir gau op útsjoen en / of kin net fine wat er siket. Faaks moat de ferbining mei Fryslân mear socht wurde. Soe der sprake wêze kinne fan in oerdrachtsmoment? Der moat hoe dan ek ferjonging komme, oars hâldt it op!

It foarbyld fan 'ferhalen fertelle' is tige nijsgjirrich en kin wiidweidiger ûndersocht wurde as wize om de jongerein oan te sprekken.

Nei it skoft is it wurd oan **Lieuwe Krol**:

Hy sil ús meinimme yn it proses nei Leeuwarden Fryslân 2028, mei in weromsjen op LF2018 Culturele Hoofdstad van Europa, dêr't hy haad marketing en kommunikaasje fan wie.

Lieuwe hat 20 jier yn ferskate managementfunksjes yn grutte organisaasjes wurke (û.o. Randstad, Rabobank, NDC-mediagroep) en is sûnt 2011 selstannich ûndernimmer. Hy hat ek foarsitter west fan de Friese Jeugdtheaterschool en Productiehuis 'n Meeuw.

Lieuwe fertelt oer syn krewearjen as haad marketing en kommunikaasje foar LF2018. Hy jout tal fan foarbylden fan syn wurk yn de kommunikaasje. Hoe pakke je saken oan; wat dogge jo by tsjinslach of flater?

En no foar LF 2028. Jo moatte de minsken freegje wat se wolle... en hoe't dat dan moat. In kollektyf belang kreëarje. En net bang wêze foar feroarings. 'Ast dochst wast diest, dan krijst watst hiest'.

De stip op de hoarizon leveret enerzjy en gearwurking. Se hawwe it trajekt opknipt yn trijen: 1) 2020 – 2022 "Leven op de bodem van de zee", 2) 2023 – 2025 European Green Capital, en 3) 2025 – 2028 ???.

De trije wearden binne 'lepen mienskip', 'lepen lânskip' en 'lepen erfskip'. Op in fraach of de taal net tige wichtich is, andert Lieuwe dat der op it mêd fan de taal al fan alles bart. De taal ferbynt.

Jan Bijkerk betanket de beide ynliders foar harren ferhalen. Se krije beide it boek 'Friezen yn 'e Frjemdte', mei de skiednis fan it Frysk Boun om Utens en de Fryske Krites oer hiel de wrâld.

Dêrnei winsket de foarsitter eltsenien wol-thús of, as men bliuwt foar it jûnsprogramma, lekker ite en in noflike jûn

2020 is foar dizze krites in **lustrumjier**:

Assen	90 jier
Twente	40 jier
Arnhem	40 jier

2021 wurdt foar dizze kriterien in lustrumjier:

Apeldoarn	120 jier
Hoarn	110 jier
Boadegraven	75 jier
Lelystêd	50 jier

De kommunikaasje nei de kriterien en de leden ta

Alle kommunikaasje nei de kriterien ta giet fia de e-mail – it giet fluch en it is ‘fergees’ – in postsegel is net mear nedich...

Lykwols, de **kriteboekjes/blêden** binne en bliuwe ynearsten noch fan it grutste belang foar de kommunikaasje mei de leden en binne wis in binende faktor foar de kriterien.

Alle kriteblêden stean tsjintwurdich kreas op de webside fan It Boun; hiel wat kriteleden binne sa stadichoan wol thús yn de digitale wrâld en mei wat help fan pake- en beppesizzers fine sy wat se sykje. Redaksjes fan de kriteblêden meitsje gebrûk fan de nije media en witte de boekjes hieltyd moaier te meitsjen – Geweldig! En meitsje mar gebrûk fan inoarren talinten; stikjes, dy’t ek nijsgjirrich binne foar de eigen kriteleden gewoan oernimme – wol de boarne fermelde...

Skriuwers en redaksjes, wer sterkte en sukses tawinske!

AVG – Algemene Verordening Gegevensbescherming

Privacy

Yn it ramt fan de privacywet, de AVG, binne we ferplicht belanghawwenden dúdlik te meitsjen hokker gegevens we fan harren hawwe, mei hokker doel, hokker bewartiid en wa’t dêr ynsicht yn hat. Op dit stuit bewarret de skriuwer de neikommende gegevens fan de leden:

- foarnamme of letter
- Achternamme
- Adres
- Postkoade en wenplak
- Tillefoannûmer
- Emailadres



Dizze gegevens binne allinnich yn te sjen foar de bestjoersleden en wurde ferwidere út it systeem op it stuit dat men opseit of komt te ferstjerren. We brûke de gegevens allinnich mar om kontakt mei jo op te nimmen yn it gefal fan need, it stjoeren fan berjochten, nijsbrief en de rekken. De gegevens wurde nea sûnder tastimming oan treden oanbean.

De Ried fan de Fryske Beweging



Kees van der Beek is út namme fan It Boun fertsjintwurdiger nei de Ried fan de Fryske Beweging. De Ried fan de Fryske Beweging is it oerkoepeljend ferbân fan minsken, selskippen en organisaasjes, dy’t harren ynsette foar de Fryske taal en kultuer en de Fryske belangen yn it algemien.

De Ried is de organisaasje dy't wat dat oanbelanget yn Fryslân de finger oan 'e pols hâldt en sa nedich dêr de diskusje oer oangiet mei de ferantwurdlike oerheden, maatskiplike organisaasjes en it bedriuwslibben.

Maaie 2019 – Op 20 maaie is de Grutte Ried útnûge foar in gearkomste yn Marsum. It konvokaat foar dizze gearkmste kaam 19 maaie – der is gjin fertsjintwurdiging fan it FBoU nei dy gearkomste west....

De Ried wol der ta bydrage dat de polityk net om it Frysk hinne kin. En noch altiten blykt it noadich, dat de Ried de lju yn De Haach oanfiterje moat om rekken te hâlden mei de Twadde Rykstaal - sjoch mar ris op de websiden www.fryskebeweging.frl en www.itnijs.frl

Aant Mulder, bestjoerslid fan de Ried, skriuwt op ItNijs.frl oer aktuele saken:

Skôging

De Ried fan de Fryske Beweging docht alle war om mear foar it Frysk te berikken as yn de BFTK 2019-2023 (Bestjoersôfspraak Fryske Taal en Kultuer) fan Provinsje en Ryk stiet. Dêrom hat de Ried de Skaad-BFTK skreaun. Dy Skaad-BFTK waard op 27 juny 2018 oan deputearre Poepjes oanbean. De Ried hope dat Provinsje en Ryk noch rekken hâlde soene mei de yn de Skaad-BFTK formulearre winsken. Dat barde net. Dat wie wol dúdlik doe't de BFTK 2019-2023 op 30 novimber fan datselde jiers yn Obe ûndertekene waard troch de kommissaris fan de kening, Arno Brok en de minister fan Ynlânske Saken, Kajsja Ollongren.

De Ried dy't de Skaad-BFTK oan de deputearre oanbean hie, besleat doe de Skaad-BFTK ek oan de Twadde Keamerkommisje fan Ynlânske Saken oan te bieden om sa mei de minister yn petear te reitsjen. Dat slagge. It dokumint waard op 18 desimber 2018 yn De Haach oanbean oan in tal Keamerleden fan de Fêste Keamerkommisje. Ynformeel oerlis tusken dy leden en leden fan de Ried/POK (Politike Kommisje) makke dat it ûnderwerp op de wurklist fan de Fêste Keamerkommisje set waard om it mei de minister te bepraten. Dat oerlis wie op 26 juny 2019. Foarôfgeand oan dat oerlis hold BAST/SisTsiis in fleurige demonstraasje en bea in petysje mei in plysjejaske oan. Yn dat oerlis mei de minister stelden de leden fan de Fêste Keamerkommisje fragen. Antwurden kamen der net folle. Dat hie te krijen mei it feit dat ek oare ministers der wat fan fine moasten. De minister sei ta dat se alle antwurden sammelje soe en dy yn in Keamerbrief oan de kommisjeleden stjoere soe. Dy brief kaam op 16 desimber 2019.

Yn dy brief stiet wat dien wurdt as it giet om de útfiering fan de BFTK, want dat is en bliuwt de rjochtlâne. Mear sit der blykber net yn. Oer sichtberens wurde positive opmerkingen makke, mar plysjejaskes moat de minister neat fan ha. Op dy Keamerbrief koe reagearre wurde. De POK dêr't guon Keamerleden yn sitte en oaren dy't wer kontakten mei Keamerleden ha, hat yn goed oerlis mei de Keamerleden fan de Fêste Keamerkommisje wurke oan in brief mei fragen. De brief moast der foar 23 jannewaris wêze. De Ried, de POK en de leden fan de Fêste Keamerkommisje wolle yn dy brief ta op konkrete tasizzingen. It is de fraach oft dat slagget. Wat net yn de BFTK 2019-2023 stiet, kriget oant no ta gjin omtinken. De iennige hurde tasizzing is dat dy BFTK meikoarten evaluearre wurdt.

De fragen dy't no oan 'e oarder binne, kinne koart gearfette wurde. Der wurdt frege nei sichtberens fan it Frysk op gebouwen en op oare plakken. De Keamerleden wolle ek graach witte werom't Fryske plysjejaskes net kinne. Yn de brief wurde fragen steld oer it minder ferlienen fan ûntheffingen en om, wat it Frysk oanbelanget, wat better troch te pakken, wylst guon oaren wol wat mear witte wolle oer

de rol fan de ynspeksje. Last but not least wurde fragen steld oer de situaasje fan it Frysk yn de rjochtspraak. Dúdlik is ek dat guon Keamerleden net gerêst binne op it Frysk by de weryndielingen.

De Ried en de POK binne yn harren bydrage benammen net te sprekken oer de fersnippering fan it Frysk taalbelied oer de ferskillende ministearjes. Der moat in dúdliker oanstjoering komme. Ried en POK stelle ek dat se graach konkrete resultaten hearre. In tredde punt: It Frysk moat mear omtinken krije by gemeentlike weryndielingen, skaalfergrutting fan rjochtbank en plysje. Dat jaske en oare sichtberens moatte der komme kinne! Ried en POK wolle fansels behelle wurde yn de tuskentiidske evaluaasje fan de BFTK yn 2021 as de Fêste Keamerkommisje diskant op komt.

Ried, POK en Fêste Keamerkommisje fertsjinje foar har krewearjen, foar har oanhâlden as storein, konkrete resultaten. Wat soe it moai wêze as de minister dat ek fynt!

Omrop Fryslân

Sjoch foar in oersjoch fan de stân fan saken it ferslach fan de kontaktpersoan foar de mediasaken, Jan Piet Bergmans by punt 15 fan de wurklist (side).



Ta beslút:

Wer tige tank foar de noflike gearwurking en foar al it wurk dat ferset is. In goed kritejier tawinske.

Kees van der Beek, skriuwer


Ferslach fan de rekkenopnimmers.

Jierrekkening 2019 Frysk Boun om Utens

De AG fan it FBoU hat op 30-3-2019 de krite Boadegraven en de krite De Haach oansteld as rekkenopnimmers oer 2019.

Ein juny 2020 hat de ponghâlder fan it Boun de stikken oer 2019 tastjoerd oan ús, ûndertekeners: Theo Schiere fan de krite Boadegraven en Jan Boomgaardt fan de krite De Haach. Wy hawwe dy stikken neisjoen.

Fragen dêroer binne nei tefredenens beäntwurde en hawwe laat ta in lytse oanpassing fan de rekken en de balâns. Dêrmei binne de boeken fan it Frysk Boun om Utens oer 2019 yn oarder fûn.



Beide rekkenopnimmers hawwe fia de mail oan de skriuwer fan it FBoU sneon 14 novimber dizze oanfolling op harren ferslach makke: **Oan it bestjoer fan it Frysk Boun om Utens : “Hjirby ûntlêste wy, rekkenopnimmers Jan Boomgaard fan Krite De Haach en Theo Schiere fan Krite Boadegraven, Jan Vogel, ponghalder fan it Frysk Boun om Utens nei it goedkarren fan de rekken oer it jier 2019”** .It bestjoer giet der fan út dat mei dizze oanfolling it bestjoer ûntlêstige wurdt troch de digitale AG. Nije rekkenopnimmers (oer 2020): krite De Haach en krite Hilversum.

Finânsjes

REKKEN FAN BATEN EN LESTEN 2019 EN BEGRUTTING 2020

BATEN	Begrutting 2019	Rekken 2019	Begrutting 2020	LESTEN	Begrutting 2019	Rekken 2019	Begrutting 2020
Ynlage kriterien	825,00	709,00	700,00	Feriening en bestjoer	900,00	1.064,40	1.000,00
Bydragen publisiteitskosten	150,00	140,00	150,00	Publisiteit	200,00	156,30	200,00
Rintes	15,00	6,23	5,00	Algemeine Gearkomste	350,00	985,95	500,00
				Kontribúsje en stipen	100,00	100,00	100,00
Bydrage M&Y-dei	400,00	336,00	400,00	M&Y-dei	1.000,00	1.173,10	1.000,00
Jeften	25,00	81,50	50,00	Jubileumkommisje 2023		77,60	250,00
Subsydzje IFAT	1.500,00	1.846,40	1.250,00	IFAT-adminstraasje	450,00	439,65	450,00
				Toaniel WA	-	45,00	45,00
				Ledekaarten 2018-2019		67,76	65,00
Bydrage PBF*	984,25	984,25					
Tekoart 2019		6,38		Oerskot 2019	899,25		
Tekoart 2020			1.055,00				
Mei-inoar	3.899,25	4.109,76	3.610,00	Mei-inoar	3.899,25	4.109,76	3.610,00

PBF* stiet foar Prins Bernhard Kulturfûns

BALANS 31 DESIMBER 2019

DEBET	31-12-2018	31-12-2019	KREDIT	31-12-2018	31-12-2019
			Te beteljen en ferrekkenjen:		
ING saaklik gewoan	1.366,71	1.424,38	Foarskotten en reserve IFAT	16.209,99	15.711,26
ING spaarrekkjen	14.107,06	14.108,64	Kosten M&Y-dei	600,00	
Spaarrekken SNS-Regiobank	5.956,95	5.959,08			
Ferwachte ynkomen:			Feroaring kapitaal:		
Oanfrege subsydzje IFAT	1.500,00	1.250,00	Begjinkapitaal op 1-1-201*	7.388,30	7.104,98
Oanfrege subsydzje PBF	984,25		Oerskot/tekoart boekjier	- 283,32	- 6,38
Oanfrege subsydzje ledekaarten		67,76	Einkapitaal op 31-12-201*	7.104,98	7.098,60
Mei-inoar	23.914,97	22.809,86	Mei-inoar	23.914,97	22.809,86

TALJOCHTING OP DE REKKEN FAN BATEN EN LESTEN 2019:

Dit jier is der in tekoart fan rom € 6,00 – dat wy sawat lyk spylje komt troch de subsydzje fan it Prins Bernhard Kulturfûns fanwege de Friezedei 2018. De AG 2019 is djoer útfallen en wy hawwe noch in rekken fan de M&Y-middei fan 2018 betelle sadat it liket de de M&Y-middei ek djoer wie.

TALJOCHTING OP DE BALANS 2019:

Troch it opheffen fan it Boekfûns is der yn 2018 rom € 11.000,00 oan de reserves ta foege.

** It bestjoer docht it útstel om it jild fan it Boekfûns apart op de balâns te setten as reservepot foar bygl. it 100-jierrich bestean fan it FBoU yn 2023.*

TALJOCHTING OP DE BEGRUTTING 2019:

De Friezedei 2018 hat it Boun in lytse € 1.000,00 koste (folle minder as we earst tocht hienen). Dêrfoar is subsydzje oanfrge en dat is yn 2019 takend en ynbard. Ek is der tasein, dat Friese-producten.nl de kosten foar de ledekaarten sponsorje sil – dat moat noch ynbard wurde. Dy tasizzing foar 2020 is ek dien.

TALJOCHTING OP DE BEGRUTTING 2020:

As bestjoer FBoU wolle wy de ynlage foar de kriterien net ferheegje: mei noch wol wat 'fleis op 'e lea' fan rom € 22.000,00 tinke wy dat wy it noch wol in skoftsje útsjonge kinne. De takomst sil útwize, hoe lang wy it sa folhâlde kinne sûnder ferheging..... Wy tarre as FBoU no dus yn.

Blokker, febrewaris 2020,

ponghâlder Jan Vogel

Foar akkoard mei it ferslach AG 2019, it Jierferslach 2019 fan de skriuwer en de Jiersifers oer 2019 mei Begrutting 2020 fan de ponghâlder

A blue ink signature, appearing to be 'J. Bijkerk', written in a cursive style.

Tekene troch: Jan Bijkerk, foarsitter

A black ink signature, appearing to be 'Kees van der Beek', written in a cursive style.

Kees van der Beek, skriuwer

Ermelo,
29 novimber 2020

Bestjoer: Ofgean en wer ynhieren fan nije bestjoersleden

It roaster fan ôfgean sa't ús bestjoer dat fêststeld hat is:

- 2020: Gerrit Stegenga en Jan Vogel
- 2021: Jan Bijkerk en Pietie Westdijk-Kaastra
- 2022: Hylke de Haan en Kees van der Beek
- 2023: opfolger fan Pietie Westdijk-Kaastra (foar twa jier)

Dit jier is dus Gerrit Stegenga reglemintêr oan bar om ôf te gean. Hy hat te kennen jûn wer beskikber te wêzen foar 4 jier.

Der binne gjin tsjinkandidaten fanút de krite by de skriuwer binnenkaam.

Alle krite dy't reagearre hawwe, binne it iens mei it op 'e nij ynhieren fan Gerrit Stegenga. Hy hat in bestjoerssit oantemei 2024. Jan Vogel is yn 2019 (by fersin) oppenij ferkeazen – hy hat te kennen jûn it ekstra jier der wol op ta te nimmen, dus hy rint mei Gerrit Stegenga op oant 2024.

Algemiene Gearkomste en Moetings- en Ynspiraasjemiddei 2021

It FBoU stelt no út om tegearre mei de Moetings- en Ynspiraasjemiddei de AG te organisearjen op 9 oktober 2021 – moarns de AG en middeis de M- en Y-middei. De lokaasje wurdt 'de Kiekmure' yn Hurderwyk.

Fersyk oan alle kritebestjoeren: organisearje op dy datum gjin eigen krite-aktiviteit